[0236] 28. Hylpersk *himje* en *hims*.

Yn dit stikje woe ik ris oer twa Hylper wurden gear, dy't by W. Dykstra yn syn *Fr. Wb.* II, s. 517 en 518, to finen binne. Op it earste fan 'e oanhelle plakken hawwe Waling-om en syn meiwurkers yndertiden út de tongslach

fan Fryslâns alfte stêd it seldsume *himje* fêstlein. Mei in foarbyld litte se sjen, hoe't dat dêr brûkt waerd : *in dook himje* bitsjut 'in doek seamje' en hja forwize fierders nei B. 160. Dat lêste hâldt yn, dat hja it tiidwurd helle hawwe út it hânskrift B fan Joast Halbertsma, dy't dêr om 1860 hinne in great part fan syn oantekeningen foar de útjefte fan syn *Lexicon Frisicum* yn gearbrocht hat. Slagge wy dat hs. op, dan stiet der wier it wurd, dêr't wy om sykje, lykwols net as *himje,* mar as *hemje.* Bûtendat biskikt Halbertsma ús yn syn hs. A noch in gearsetting, to sizzen op s. 260 de nammefoarm *omhemme* `velum velo adsuere limbum' en op s. 239 it ôfslutende mulwurd *omhemd* `omzoomd'. Dy gearstalling waerd letter fan Waling Dykstra-en-dy yn it Fr. Wb. II, 264 opnommen as *omhemme* mei de omskriuwing `omseamje'. Fan 'e oerlevere foarmen binne dy by Halbertsma it âldst, dat skuort net út. Yn it Westerlauwerske Frysk gong ommers de *e* foar noaslûden gauris yn *i* oer, tink bygelyks oan *himd* en *finne*, dat *hemje* koe wol ta *himje* wurde, mar oarsom net.

It sil klearrichheit ha, dat it Hylper haedwurd *hims* 'seam (fan in holdoek of bûsdoek)' by it niisneamde *himje* heart. Dat hjoeddedei net mear bikende subst. is foar 't earst optekene yn Halbertsma syn hs. A, s. 260, en dêrút oergien yn W. Dykstra, *Fr. Wb*. II, 518.

Wylst der yn oare geaspraken biwesten de Lauwers better net to witten gjin spoar mear fan dy wurden oer is, binne dy yn Noardfryslân noch altiten folksriem. Om't men út ús Fryslân wei min alle foarmen fan 'e Noardfryske tongslaggen byinoarswylje kin, haw ik it Noardfryske wurdboeksintrum to Kiel om ynljochtings frege, dat my fuort mei in oersjoch oer it dêr oanwezige materiael geriivje woe [1]). Mei hwat iksels foun hie, krije wy dan, oerbrocht yn 'e stavering, dy't nou dêrsanne gongber is, foar it haedwurd 'seam' op Sylt: *häämels* [2]); Amrum: *hääm* m.; Föhr: *ham* [3]) m. (bihalven yn Boldixum-Wrixum: *häim);* Wiedingharde: *haam* m.; Bökingharde: *håm* m.; Karrharde: *hååm* [4]) m. Hwat it tiidwurd oanbilanget, sjocht de Noardfryske staelkaert der sa út: Sylt hat *hääm* [5]); Amrum: *hääm* (ornaris yn 'e gearsetting *am-hääm);* Föhr: *ham* [6]) (almeast mei it foarheaksel *am* gearstald ta: *am-ham);* Wiedingharde *haame*[7]); Bökingharde: *håme;* Karrharde: *hååme;* Noardergoesharde: *(am-)håme* [8]); Middengoesharde: *haami* [9]); Halligen: (*am*-) *hååme* [10]).

1) De Hear N. Århammar wie sa goed om foar my de oanbilangjende foarmen út 'e Kieler wurdsamlingen oer to skriuwen. Tige tank!
2) Nann Mungard, *For Söl'ring Spraak en Wiis*, 1909, s. 91: *hêmels,* (pl. *hêmen)* `Saum' en allyksa Boy P. Möller, *Söl'ring Uurterbok*, 1916, s. 113.
3) J. Tedsen, *Der Lautstand der föhringischen Mundart*, 1907, s. 27, hat *heim* `Saum am Kleid' en J. Schmidt-Petersen, dy't út Oevenum weikaem, skriuwt yn syn *Wb. und Sprachlehre der nordfriesischen Sprache nach der Mundart von Föhr und Amrum*, 1912, s. 57: *ham* m. `Saum, Volant'.
4) Moritz Nissen, *Nordfriesisches Wörterbuch in mehreren Dialekten Nordfrieslands* (net printe), s. 292, jowt as wurdslachte *f.* op.
5) Nann Mungard, o.w., s. 91: *hêm* `umsäumen'; Boy P. Möller, o.w., s. 113: *hêm* 'umsäumen, einen Saum nähen'.
6) J. Schmidt-Petersen, o.w., s. 57: *ham* `säumen'.
7) P. Jensen, *Wb. der nordfriesischen Sprache der Wiedingharde*, 1927, kol. 181: *hamme* `einhegen, umsäumen (beim Nähen)'.
8) E. Löfstedt, *Nordfriesische Dialektstudien*, 1931, s. 28: *ámhame* `umsäumen'.
9) E. Löfstedt, o.w., s. 47: *hami* `säumen' (foar Breklum).
10) E. Löfstedt, o.w., s. 28.

It wurd hjirboppe docht wer ris bliken oan, hoe nei oft it Frysk en it Ingelsk oaninoar bisibbe binne. Yn it Angelsaksysk bistie ntl. it subst. *hem* `rânne' [1]), dat him krekt-en-allyk fuortset yn it nijingelske *hem.* Dêrnjonken kenne de Ingelsken it tiidwurd *hem,* dat de *New English Dict.* [2]) omskriuwt mei: `to edge or border (a garment or cloth); to turn in and sew down the edge of a piece of stuff'. Nei't J. Tedsen [3]) as earste op dy Anglo-Fryske oerienkomst wiisd hie, is E. Löfstedt [4]) fierder op de wurdôflieding yngien. De lêste nimt foar it fêstewâls-noardfrysk in grounfoarm ***hamma** en foar it eilanner noardfrysk **hæmma* oan, beidegearre fuortkommen út germaensk **hamjan.* De by dat *jan*-tiidwurd hearrende noardfryske haednamme *hem* sille wy ta germ. **hamjaz* tobekbringe moatte. By einsluten binne dy wurden útrinders fan 'e yndogermaenske stamme **kem* [5]) `geardriuwe, gearkringe; opkeare, bihinderje', dêr 't allyksa fan ôflaet waerden: âldfrysk *hem* 1. `perk foar de kampslach'; 2. `polder'; nijwestfrysk *him* `krite' (yn plaknammen); mnl. mnd. *ham* `ôffrede stik lân; greide'; ags. *hamm* `ôffreding, ôffrede greidlân; wenkrite'; nijing. *ham* (dial. en yn plaknammen); noardfrysk *ham(m),* `eine Flurbezeichnung, ursprünglich ein Landkomplex mit mehr oder weniger natürlicher Begrenzung, welcher der Gemeinde oder einer Interessengemeinschaft zu bestimmten Zwecken diente' [6]).

Ien kwestje wolle wy noch efkes to praet bringe. De tûke lêzer soe freegje kinne, hoe't de *s* fan it Hylper wurd *hims* forklearre wurde moat. Hwat de foarming oangiet, stiet *hims* neffens ús op 'e selde streek as nwfrysk *lins* (nhd. *Lünse)* en nwfrysk *tjems* (mnd. *temse),* dêr't ek in *-e* oan 'e ein weifallen is. Wy moatte dêrom in âldere foarm **himse* oannimme, fan oarsprong in froulik wurd, dat mei it efterheaksel *-isjô* fan 'e germaenske stamme **ham-* ôflaet waerd, oars sein: *hims* <**himse* <**hemse* <germ. **hamisjô.* Dy't har yn 'e skiednis fan it niiskrekt neamde suffiks jaen wolle, fine har gading yn F. Kluge syn *Nominale Stammbildungslehre* [7]).

Oer de útlânske forbiningen fan 'e bisprutsen wurden hat it boppesteande net in soad nijs brocht, hwant de ôfliedkundige wurdboeken kinne jin op dat stik fan saken wol paedwiis meitsje. Troch ûnkunde oan it Frysk kriget ús sprake lykwols withoefaek syn gerak net yn 'e greate neislachwurken. It doel fan dit artikeltsje wie dan ek inkeld en allinne om klearrichheit to krijen oer it komôf fan 'e Hylper wurden *hims* `seam' en *omhimje* `omseamje', dy't har plak mank de Germaenske sibben mei eare bisette meije.

1) John R. Clark Hall, *A concise Anglo-Saxon Dictionary*[4], 1960, s. 177.
2) James A. H. Murray, *A* New *English Dictionary,* dl. V, Oxford 1901, s. 213.
3) J. Tedsen, o.w., s. 27.
4) E. Löfstedt, o.w., s. 28, noat 1.
5) J. Pokorny, *Indogermanisches etymologisches Wörterbuch,* 1959, s. 555.
6) J. Schmidt-Petersen, o.w., s. 57.
7) F. Kluge, *Nominale Stammbildungslehre der altgermanischen Dialekte*, 3. Aufl., Halle (Saale) 1926, § 85.